

# Taalfariaasje yn it Súd-Lauwerslân


Pieter Duijff, Femmy Admiraal, Wilbert Heeringa, Eric Hoekstra,  
Wiebe Evert Zoethout, Hans Van de Velde



Dei fan de Fryske Taalkunde  
18 novimber 2021

## Ynlieding


- It Súd-Lauwerslând is foar it grutste part ûntstien troch it ynpolderjen fan it súdlik part fan de brede mûning fan de rivier De Lauwers.
- It gebiet leit yn it noarden en noardwesten fan de provinsje Fryslân, súd fan de Lauwersmar.










Oernommen út: Van de Velde (2021)

# Ynlieding

- Oergongssône tusken Frysk en Westerkertiersk Nedersaksysk.
- Der is noch net in soad ûndersyk dien nei it Súd-Lauwerslânsk, is in swart gat yn 'e dialektologyske kennis fan it Frysk en it Nederlânsk.
- Wy rjochtsje ús op sân doarpen.



-  Burum
-  Gerkesklooster
-  Kollum
-  Kollumerpomp
-  Munnekezijl
-  Stroobos
-  Warfstermolen

## Doelen

- Us ûndersyk is benammen ferkennend.
- Foar sân ferskynsels bepale wy oft de sprekkers en doarpen mear Frysk of Nederlânsk binne.
- Wy bepale ek de ûnderlinge relaasjes tusken de doarpen op grûn fan harren akoestyske útspraakôfstân.

## Data

- Yn elk doarp binne twa sprekkers yn de leeftydskategory 50+ selektearre.
- By dy sprekkers is de gesachhawwende Goeman-Taeldeman-van Reenen-fragelist ôffrege.
- Dy list is al earder – yn de jierren '90 fan de foarige iuw – yn hiel Nederlân en Flaanderen ôffrege.
- De list bestiet út 1901 items: 1739 wurden, 109 wurdgroepen en 39 sinnen yn it Nederlânsk.
- Wy hawwe sân ekstra sinnen yn it Frysk tafoege.

# Data

- De sprekkers út 'e sân doarpen krigen de items op papier.
- Taak: ûtdop lêze fan in oersetting yn it dialekt fan it doarp.
- Dêr binne opnamen fan makke dy't as audio beskikber binne.
- Mei dy data hawwe wy sân ferskynsels bestudearre út 'e sân doarpen.



# 1 De wurdfolchoarder yn 'e tiidwurdgroep

Yn it Frysk stiet de persoansfoarm oan de ein fan de tiidwurdgroep, en yn it Nederlânsk oan it begjin.

- FY: omdat ik dy wol ride wollen **hie**. (Wk: deselde folchoarder)
- NL: omdat ik jou wel had willen rijden.

## 2 It foarheaksel ge- fan it mulwurd

Is ôfwêzich yn it Frysk en oanwêzich yn it Nederlânsk.

- FY: Hy is op 'e grûn fallen (Wk: ge- ek weilitten)
- NL: Hij is op de grond **g**evallen.

### 3 Oanfolje mei 't

Wol yn it Frysk, net yn it Nederlânsk.

- FY: de man dy't ik seach.
- NL: de man die ik zag.

## 4 De útspraak fan de g

Is yn it Frysk oan it begjin fan wurden in stimhawwende plosyf, yn it Nederlânsk in wriuwklank.

- FY: *goed* [guːət]
- NL: *goed* [xut]

## 5 Nasale lûden

Dêr't it Nederlânsk fokaal+*n* hat, hat it Frysk faak in nasalisearre fokaal.

- FY *dûnsje* [dũ:sjə] (Wk: [dãzn])
- NL *dansen* [dɑnsə]

## 6 It weilitten fan de r

De *r* wurdt yn it Frysk net foar de lûden *s*, *l*, *d*, *t* en *n* útsprutsen, yn Standertnederlânsk wurdt de *r* dêr wol útsprutsen.

- FY *hurd* [høt] (Wk: [hat])
- NL *hard* [hart]

## 7 De útspraak fan de sch

De *sch* wurdt yn it Frysk as [sk] útsprutsen, mar yn it Standertnederlânsk as [sx]. Yn it Westerkertiersk Nedersaksysk komt sawol [sk] als [sx] foar.


- FY *skuorre* [skuorə]
- NL *schuur* [sxy:r]

## Gearfette resultaten

- Foar elk fan 'e ferskynsels hawwe wy foar alle sprekkers bepaald it oantal kearen dat der foar de Fryske útspraak keazen is en dat as persintaazje útdrukt.
- Per plak is it gemiddelde berekkene oer de ferskynsels en de twa sprekkers.



## Persintaazjes keazen foar Frysk




> 50% is mear Frysk (read), < 50% is mear Nederlânsk (blau).

## Gearfette resultaten

- Dêr binne fjouwer ferskynsels dêr't it Frysk en it Westerkertiersk deselde útspraak hawwe en dêr't se ferskille fan it Nederlânsk.
- Foar elk fan dy ferskynsels hawwe wy foar alle sprekkers bepaald it oantal kearen dat foar de Frysk/Westerkertierske útspraak keazen is en dat as persintaazje útdrukt.
- Per plak is it gemiddelde berekkene oer de ferskynsels en de twa sprekkers.

## Persintaazjes keazen foar Frysk/Westerkertiersk



> 50% is mear Frysk/Wk (read), < 50% is mear Nederlânsk (blau).

## Ofstân tusken de doarpen

- Wy bepale ek de ûnderlinge relaasjes tusken de doarpen op grûn fan harren akoestyske útspraakôfstân.
- Wy brûkten in akoestyske ôfstânsmaat dy't ûntwikkele wie troch:

Bartelds, M., Richter, C., Liberman, M., and Wieling, M. 2020. A New Acoustic-Based Pronunciation Distance Measure. *Frontiers in Artificial Intelligence*, 3, May. doi: 10.3389/frai.2020.00039/.


en beskikber is yn de R package `dialectR`.

## Ofstân tusken de doarpen

- Wy ferlykje de sprekkers ûnderling.
- Wy brûkten de lûdopnamen fan 1025 yndividuele wurden út de GTRP-fragelist (út de ûnderdielen 1, 2 en 7).
- De ôfstânsmaat is gevoelich foar ferskil tusken manlike en froulike sprekkers.
- Ferskillen yn stimbân, de grutte fan 'e larynx en de foarm fan 'e glottis beynfloedzje it akoestyske sinjaal.
- Wy hawwe allinich manlike sprekkers opnommen yn 'e analyze.

## Ofstân tusken de doarpen

- By meardere sprekkers per doarp wurde de gemiddelde ôfstannen berekkene.
- Op basis fan de ôfstannen tusken de doarpen makken wy in twadiminsjonale plot mei multydimensionale skaling.



> 50% is mear Frysk (read), < 50% is mear Nederlânsk (blau).

## Konklúzjes

- De doarpen yn it (noard)westen en it suden binne mear Frysk as Nederlânsk.
- Heechste persintaazje Frysk is yn Kollum (meast westlike doarp); dat dialekt wurdt tradysjoneel as it Stedsk bestimpele.
- De doarpen yn it noardeasten binne mear Nederlânsk as Frysk en lykje ek mear Nederlânsk as Westerkertiersk.
- De ferdieling mear Frysk/mear Nederlânsk past binnen de ferdieling fan de doarpen op basis fan de akoestische útspraakôfstannen.



# In Friesland zien ze ons als Groningers en in Groningen zien ze ons als Friezen

Jan Theunis Zuidema - voorzitter Plaatselijk Belang Munnekezijl

<https://www.rtvnoord.nl/nieuws/803086/>

munnekezijl-wil-niet-meer-bij-friesland-horen-en-past-borden-vast-aan

## Takomstwurk

- Ferlykje dialektometrysk de sân doarpen mei it Frysk, it Westerkertierske Nedersaksysk en it Nederlânsk.
- Brûk bestead materiaal út de GTRP en/of meitsje nije opnamen.
- Taalsosjologysk ûndersyk.